

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 46 nûmer 4

juny 2016



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Bauke Dijkstra
Metsje Huitema
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Griene Leane 17, 8734 GP Easterein
Tywert 4, 8731 CL Wommels
M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

06-44057088
0515-333295
06-48713325
0515-331444

Internetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia
Anneke Gaastra
Baukje de Jong
Robert Schilkamp
Syb Overal
Tina Wiegers
Bauke de Boer
Pieter Kamstra
Oetze Paauw

De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Walperterwei 53 8731 CD Wommels
v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein
Hofkamp 33, 8731 BT Wommels
Streek 30, 8734 GR Easterein
P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
't Kleaster 10, 8734 HB Easterein
Sippersbuorren 11 8734 GT Easterein

tillefoan:

0515-331444
0515-33...
0515-852400
0515-331816
06-33030042
0515-331365
0515-332555
06-17926118
0515-332094

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Skoolseize

Jongereinkommisje:

Robert Schildkamp
Willem Overal
Rinske Joustra
Lize Schuurmans

funksje:

Foarsitter
Algemiens lid
Algemiens lid
Algemiens lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Pieter Kamstra
Koördinator SDS 1 en 2: Fakant
Koördinator SDS 3 en 4: Ids Boersma
Koördinator sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Fakant

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS 2015-2016:

Fakant	Foarsitter
Jan-Rinse Blanksma	Skriuwer
Douwe Reitsma	Coördinator A- en B-junioren
Ferry Korbach en Theo Postma	Coördinatoren C-junioren
Akke-Rixt Zijsling	Coördinator D-pupillen
Folkert-Rients Vellinga	Coördinator E-pupillen
Hans van der Schaar	Coördinator F-pupillen
Akke-Rixt Zysling	Coördinator famkes

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Willem Wijnia
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> Syb Overal
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Pieter Kamstra
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accommodatie@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommissje

Bauke de Boer	Shirtsporsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrenghof	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Hinke Kuiper	Administraasje
Enne Bruinsma	Algemiën lid

Aktiviteitenkommissje: Elger, Jacob-Klaas, Hester, Gerry-Edou en

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, A's en seal: Jappie Wijnia, de Jister 3A, 8731 EB Wommels. tel:0515-332245
Jeugd B, C en D's: Pieter de Boer, Foarbuorren 9, 8731 HD Easterein tel: 06- 10018187
Jeugd E, F en wedstrydplanning: Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Auke Eringa Email auke.saskia@hotmail.com Tel 0515 33 26 49

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: NL60RABO0349501033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Gelf Ykema, Klampe 4, 8734 GS, Wommels	06-12333448
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Grits 14, 8732 EJ Kubaard	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2015) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 64,20	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 46,25	it healjier
A- en B-junioren:	€ 51,-	it healjier
C-junioren:	€ 42,90	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 34,95	it healjier
F-pupillen:	€ 30,35	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS €1,-.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Johannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside www.vv-sds.nl fia "**oan-ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Ôfmelde:

Under de kop oan-ôfmelde stiet ek de link foar as jim heelas ôfmelde moatte/wolle

Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder enz.)

Hjirfoar binne twa data: foar 15 juny en 1 desimber.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurdde, dit is omdat SDS dan ek ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

septimber/oktober 2016

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : detreffer@vv-sds.nl

Fan it bestjoer/de redaksje

It seizoen sit der op! Mei dizze Treffer sjogge wy noch efkes werom op dit prachtige seizoen! Ik sil net tefolle ferklappe fan wat der yn dizze Treffer stiet, mar it measte kinne jim wol riede!

By dizze kin ik dan noch moai efkes alle frijwilligers tank sizze dy 't harren ynspand hawwe om ús allegear fuotbalje te litten. Ik hoopje dat jim ek folgend seizoen allegear wer ree binne om te helpen op wat foar manier dan ek. Ynkoarten te begjinnen mei it stienen sjouwen foar de bestrating rûn it keunstgersfjild.

Wy dogge it mei syn allen!!

(WW)



Hoe liket it mei it keunstgers?	Tige slagge ôfskiedswedstryd foar Anne Brouwer	Tjitske Heeres topskoorder SDS!
		
side 6	side 17	side 33

Ynhâld

<i>Fan de redaksje/it bestjoer.....</i>	<i>3</i>
<i>Fan it jeugdbestjoer.....</i>	<i>5</i>
<i>Hoe liket it mei it keunstgersfjild?.....</i>	<i>6</i>
<i>SDS Vr 1 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>7</i>
<i>SDS 1 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>9</i>
<i>SDS 2 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>10</i>
<i>Hite nûtsjes (slot?).....</i>	<i>11</i>
<i>SDS 3 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>13</i>
<i>SDS en GEKE.....</i>	<i>14</i>
<i>SDS 4 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>15</i>
<i>Nei 25 jier leider.....</i>	<i>17</i>
<i>SDS A1 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>19</i>
<i>SDS-League: Anne en Dooitze winne!.....</i>	<i>21</i>
<i>SDS B1 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>23</i>
<i>SDS C1 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>24</i>
<i>SDS E1 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>25</i>
<i>SDS E2 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>27</i>
<i>SDS F3 seizoen 2015-2016.....</i>	<i>28</i>
<i>SDS-klean.....</i>	<i>29</i>
<i>SDS EK-Look-a-likes (15).....</i>	<i>30</i>
<i>Efkes bolje on tour.....</i>	<i>32</i>
<i>Doelpuntenmakers 2015-2016.....</i>	<i>33</i>
<i>SDS Mini-League 2015-2016.....</i>	<i>35</i>
<i>SDS-platen by de DA-Fizel yn Wommels.....</i>	<i>35</i>
<i>Aginda.....</i>	<i>36</i>

Fan it jeugdbestjoer

En alweer zit er een seizoen op. Iedere keer als ik dit stukje in juni schrijf valt me weer op hoe snel het gaat. Een competitie van 10 wedstrijden in het voorjaar is zomaar klaar! Maar ook een E-tje is zomaar weer een C!

Dit voorjaar was voor het ene team succesvoller dan voor het andere team. Ik wil niet alle prestaties benoemen omdat in mijn ogen speelplezier altijd bovenaan staat, ongeacht de stand op de ranglijst. Maar aan de prestatie van de A1 kunnen we niet omheen. Een kampioenschap in de eerste klasse en promotie naar de hoofdklasse is ongekend. Mijn felicitaties aan het hele team! En dergelijk succes smaakt naar meer. De C's zijn gepromoveerd naar de eerste klasse, dus die kunnen het volgend jaar ook laten zien.... En bij de B's hebben we ook de ambitie uitgesproken om naar de 1^{ste} klasse te promoveren. Om hoger te spelen, zal er ook op een hoger niveau getraind moeten worden. Helaas is het aanbod van gediplomeerde trainers in de noordelijke provincies zeer mager. Afgelopen seizoen hebben zeer veel junioren van SDS aan de onze pupillen training gegeven. Dit ging in de meeste gevallen op gevoel. En omdat de jeugd de toekomst heeft hebben we voor volgend seizoen, in samenwerking met de KNVB, een interne cursus voor onze jeugdige trainers georganiseerd. Daarmee hopen we niet alleen onze trainers nog enthousiaster te maken, maar gaan we ervan uit dat het niveau van de trainingen omhoog gaat. Aan het eind van het seizoen hebben we helaas moeten constateren dat er aantal jongens naar andere clubs zijn gegaan. Nu staat het iedereen vrij om zich sportief te verbeteren. En we hopen dat het ook voor iedereen een verbetering is. Ook andere ons omringende clubs hebben meerdere spelers zien vertrekken. Als gevolg daarvan zijn we met Scharnegoutum een samenwerking voor de A1 aangegaan. Een vijftal spelers én de trainer komen ons A1 versterken. Zo kunnen we volgend jaar een waardig team aan de hoofdklasse laten deelnemen.

Tijdens de Slotjun hadden we dit jaar gelukkig beter weer dan vorig jaar. En het was wederom een leuke middag/avond. Als extra hadden we dit jaar een hele grote zandbak!! De penaltybokaal werd ook dit jaar weer gewonnen door een F-pupil, Pieter Bouma. Ook tijdens schoolvoetbaltoernooi was het prachtig weer. En de spanning zat er tot het laatst in. Uiteindelijk ging de Foareker uit Easterein er met de hoofdprijs vandoor.

Voor de jeugdcommissie is het elk jaar weer een heel geregeld om de dropactie te organiseren. Gelukkig deed ook dit jaar weer iedereen enthousiast mee! De opbrengst was €2374,31. Verder kan ik nog meer heugelijk nieuws van de JC melden. Nadat hij de Slotjun medegeorganiseerd had, heeft Lourens van der Pol toegezegd de JC te komen versterken. En inmiddels hebben we ook een opvolger voor mij gevonden. Na de ALV zal Tjerk van der Pol het stokje van me overnemen. Ik wens beide heren veel plezier en succes in de jeugdcommissie.



Tot slot nog een blik naar volgend seizoen. De teamindelingen zijn inmiddels bekend. En tijdens de dit jaar voor het eerst georganiseerde inloopavonden hebben we daar waar nodig een toelichting gegeven. Een paar ouders hebben van deze mogelijkheid gebruikt gemaakt. We hopen hiermee in een behoefte te voorzien. Of we de juiste indeling gemaakt hebben wordt tijdens de bekerwedstrijden (de eerst is op 27 augustus!) duidelijk. Indien daar aanleiding voor is kan de indeling nog worden aangepast.

Met sportieve groetnis,
Robert Schildkamp

Hoe liket it mei it keunstgersfjild?

Der wurdt hurd wurke oan it keunstgersfjild by SDS. Foarich seizoen binne der ferskeidene aksjes west om it fjild byinoar te krijen wat no mei ynsetten wurd foar de oanskaf fan it keunstgersfjild. Noch foar de lêste thúswedstryd fan it seizoen waarden de earste tegels der al mei man en macht úthelle. Ûnder lieding fan Klaas Overal holpen in soad A-junioaren en SDS-supporters mei. De wike hjirnei waarden de lêste tegels derút helle mei help fan spilers fan SDS 1 en 2. Hjirnei koe Leanbedriuw Okkema de boppeste laach fan it fjild helje en ôffiere nei in nij oan te lizzen sportpark yn Deinum. Tagelyk hat de Skoalleseize mei help fan frijwilligers en Theo de Jong de ljochtmêsten delsetten. No waard it tiid om in ekstra sânlaach oan te bringen. Spitich genôch waard it sân hieltiten ôfkard op korreldikte en gie it sân fanút it Iselmar earne oars hinne. Wy binne ynmiddels 22 juny en der is noch altiten gjin sân. De Eastereiner Feesten begjinne en dat betsjut noch efkes geduld mei it sân, want de frachtauto's kinne net by de tinte del. Hooplik leit it sân der nije wike, sadat al gau de betonnen rânren rûn it fjild kinne. Hjirnei kinne wy wer begjinne te straten. Hâld hjir foar de SDS-side goed yn de gaten, want wy kinne wol wer wat help brûke. Je meie je dêrfoar ek wol fêst opjaan fia **info@vv-sds.nl** of meld it efkes by Oetze Paauw of Willem Wijnia of oars ien fan it bestjoer.

Alles meielkoar hoopje wy dat ein july it keunstgersfjild klear is.

Foarearst âlfêst in soad tank oan de Skoalleseize dy 't mei man en macht dwaande binne dit prachtige fjild der foar ús del te lizzen!

Wy dogge it mei syn allen!!



SDS Vr.1 2015-2016

It is pas it twadde jier, dat it team yn dizze gearstalling spilet. Mar se ha it wier makke, de froulju binne dit jier kampioen wurden! De froulju ha sels in moai stikje skreaun oer hun fuotbalseizoen.



Yn de earste helte fan it seizoen begûnen we sterk. We ha doe ien wedstriid krekt ferlen mei 1-2. Mei in dikke 7 punten foarsprong binne wy de winterstop yngong. We ha trije wiken 'frij' hân, foardat we wer 'oan de bak' moasten. Op moandeitejûn hiene we trainen op it keunstgers yn Snits en op woansdeitejûn wiene we oan it spinnen en hiene we krefftraining yn Sportskoalle Akkermans. Derneist ha we ek noch in stik as trije oefenwedstriiden spiele.

Nettsjinsteande de foarberiding begûn we de twadde helte fan it seizoen wat minder goed. Sa as tsjin Frentsjer, we kaam mei 1-3 efter, mar wûn it út einlik nei de rêst wol mei 6-3. Spitigernôch, gongen der dochs in pear net ûnbelangryke wedstriiden ferlen. Sa as tsjin NOK (3-5). Hiene we dy wedstriid wûn, dan hiene we de wedstriid dernei tsjin de nr. 2 QVC kampioen wurde kinnen. Dat feestje gie net troch en it puntenferskil wie doe noch mar 4. We moasten winne tsjin QVC, sadat sy net fierder op ús yn rûn en wy de wedstriid derop op'e nij kampioen wurde koene. Ek dit gong net sa as ferwachte. Troch in reade kaart en in penalty yn de 40e minuut, ferlearen we yn de lêste minuten krekt mei 1-2. Wer troch it puntenskil noch mar 1 waard en it kampioenskip wer iepen lei. Dit wie foar ús in teken om efkes 'een tandje erbij te zetten'. Dit hawwe wy ek dien, troch in pear wiken stevich te trainen. Der mocht fan de lêste trije westriden gjin ien mear ferlen gean. Doe krigen we it berjocht binnen dat QVC ferlen hie fan Makkum. Wer troch wy noch mar ien wedstriid hoechden te winnen om kampioen te wurden.

Op moandeitejûn spielden wy ús kampioenswedstriid tsjin Wergea. Der wiene in soad supporters oanwêzich, mar sels hawwe wy dêr net in soad fan mei krigen om't wy foaral fokust wiene op de bal en it spul. Spitigernôch koene we net yn de Skoalleseize om't it korps dêr oan it oefenje wie. Wy hawwe it feestje doe yn de Greidhoeke by Titus fierd (oant in oere as ien) en dit wie ek goed foar elkoar! It earste rûntsje krigen we fan ús grutte sponsor Auke Bruinsma. Derneist ha we ek gebak, sjampanje en prachtige kampioenshirtjes krigen.

Folgend seizoen begjinne wy yn de 4e klasse. Dit sil wol in grutte útdaging wurde foar ús as team, mar allegeare tinke we dat der wol in stapke by kin. Der sitte in oantal teams yn wêr't we wol earder tsjin spile ha. Ferline jier ha we bygelyks noch tsjin Mulier en Dronryp yn 'e beker spiele en dy wûn we beide, mei 5-0 en 1-7. We tinke dat we wol leuk mei draaie kinne yn de 4e klasse mei dit team. Foar folgend seizoen ha we lokkich noch genôch froulju om it team yn libben te hâlden. Der sille, spitigernôch, wol in oantal froulju stoppe fanwege de stúdzje of wurk, mar wy tinke en hoopje dat we folgend jier wer in sterk team op it fjild sette kinne. Ek krije wy in pear nije spilers derby dy troch streame fanút de jeugd.

Nei 5 jier de MD4, MC1&2 coacht en traint te hawwen en sûnt 2 jier mei hert en siel it frouljus flaggenskip traint te hawwen giet Paul Walstra ús ferlitten. Dit fyne wy hiel spitich. Paul hat altyd foar ús klear stien en wist fan alles foar ús te regelen, fan sponsoring oant trainingspakken, wintertraining by sawol sportskoalle Akkermans as op it keunstgers yn Snits, mar ek fuotballen wer't wy mei trinden. Derneist wie der trije kear yn de wike op de sportfjilden yn Easterein te finen. Dit wurdearren we tige. We sille him gear missen en wolle him betanke, want ek troch him spylje wy folgend jier yn de 4e klasse.

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs eltse dei op
www.vv-sds.nl!
Rinwei july sels in hiele
nije webside!!**

SDS 1 2015-2016

SDS 1 hie in seizoen mei 2 gezichten. Foar de winterstop waarden der mar 10 punten helle út 14 wedstriden. De doelstelling waard doe ek al bysteld fan middenmoat en miskien in Perioade nei “yn de 3^e-Klasse bliuwe”. It fuotbal wie by tiden hielendal net sa gek, mar alle keren foel it kwartsje krekt de ferkearde kant út. Krekt nei de winterstop rekke Frans Munsterman der ek noch út mei in hernia. Lokkich woe Robert Hoekstra it wol tydlik fan him oernimme. Der waard tige ferrassend wûn by Workum, mar in wike letter wie der dik ferlies (0-4) thús tsjin DWP, mar je koenen sjen dat de ploech it fertrouwen stadich werom krige. Robert seach it foarearst net sitten om it seizoen ôf te meitsjen, mar doe ‘t hy it enthousiasme fan de jongens en fan “farske” leider Mark Postma seach beslúte hy om dochs troch te gean. En dat die fertúten. SDS wûn thús fan Mulier en NOK om dêrnei lyk we rit heft op de noas te krijen mei in 5-0 ferlies by Makkum. SDS bleaun 4 wedstriden ûngeslagen mei û.o. in knappe winstpartij út by sc Berlikum (1-3) en it gefoel kaam sels efkes dat der miskien noch wol in Perioadetitel yn siet. QVC sette doe SDS lyk wer efkes mei beide fuotten op de grûn troch yn Easterein mei 0-3 te winnen. Tsjin koprinner sc Joure waard thús knap lyk spile, mar de konkurrinsje begie ek wer te winnen. Nei in knappe 1-0 yn de foarlêste wedstryd tsjin Oeverzwaluwen moast de lêste wedstryd tsjin Oudehaske thús wûn wurde om neikompetyasje ûntrinne te kinnen. Lokkich slagge dit mei verve troch sa ‘n druk nei foaren te setten dat SDS nei 20 minuten al mei 3-0 foar stie. Dit waard ek de einstân en dêrmei koe it seizoen úteinlik ôfslúten wurde mei in feilich 10^e plakje, mar wol mei it swit op it gebit.....

Hjirby in protte tank oan Robert Hoekstra en Mark Postma dy ‘t al harren enersjy stutsen hawwe yn de begelieding fan SDS 1 neidat Frans Munsterman yn de syktewet belanne. Ek in hiel soad tank fertsjinnet Frans Munsterman dy ‘t Robert en Mark alle romte jûch om SDS 1 ta harren eigen team te meitsjen.

Oan Anne Brouwer syn 25-jierrige karriêre as leider kaam nei de winterstop wat nuver oan in ein, mar úteinlik hat hy noch in prachtich ôfskie krigen wat hy dik fertsjinne hat (sjoch fierderop yn dizze Treffer).



SDS 2 2015-2016

In de forige simmerstop bin ik freeche at ik SDS2 ek traine woe. Der ha'k toch wol ff tiid foar nommen om dat te beslissen, senioren traine is wol wat oars as jeugd. En "ervaring" hie ik net, in 't ferliene bij CAB wol jierenlang leider west bij 't 1^e, troch blessures wie't fútbaljen op mien 20^e al net mear mogelijk, mar dan binne je noch gjin trainer.

Toch mar oan Pieter en Willem trochjoen dat ik 't wol prebearje woe, en der ha'k gjin spiet fan han. Dat komt op't eerste plak ek troch de groep en troch Jeroen, de leider, fansels want at't net klikt is der ek neat oan.

Forig seizoen wie't twadde degradeert, dus een klasse leger en miskien wat "makkelijker" fútbal dit seizoen. Mei een grutte groep spilers de eerste trainingen dien en de bekerwedstrieden ha we goed spile, en we woenen sels mei 2-1 fan Seerobben, toch wol een bietsje een "angstgegner" fan SDS2. De 1^e wedstried fan de competitie tsjin Berlsom, de lettere kampioen, ferleare we mei 3-0, mar dernei ha we een fantastische reeks delsetten mei 20 punten ut 9 wedstrieden. Undertusken wie Pieter Wesselius stoppe troch wurk, Jess E stoppe, Allert stoppe want die hie een "buitenlandse stage" en Sjoerd R kampte mei een slepende blessure. Nim derbij nog wat fekansje, wiekein fourt en blessures en je sjoge nei de winter dat't net oerhald mei 't oantal beskikbare spilers op sneon. Gelokkig kaam Jort der bij en op't ein fan de competitie kaam Ewout ek werom fan een blessure mar at 't 1^e dan ek noch oan spilers begjint te lûken troch ferskillende oarzaken en sels noch een pear "lang geblesseerden" hiene, dan wiene we elke keer bliid dat der een pear A's of enkele fan 't 3^e mei woene. 't Wie elke tongersdei wer ofwachtsje hoefolle spilers we oan kruse mochten.

Op't ein fan de rit binne we as 4^e eindige en ha we ek noch een periode pakt troch fan de nr 1 en nr 2 te winne mei echt hiel goed fútbal. Der kinne jim as ploeg trots op wezze Dus fútbalje om te promoveren tsjin De Walde 2 en BSVV 2. Tsjin de Walde ha we us sels wat te kwoart dien, want wat spielen we toen goed en at 't 0-8 ofsa is, hat de Walde niks te klaaien, mar 't wie "mar" 0-3. BSVV hie ek fan de Walde woent, dus een echte finale folgde. Prachtig waar, een hiel soart publiek en een senuwachtige leider, trainer en ploeg. Dat merkttest oan alles.... We wiene absoluut net minder as de tsjinstander, miskien sels wol better, mar BSVV counterde perfect en woen, al dan net terjochte, troch 2 messkerpe counters en de ienige 2 kansen, mei 1-2.

Mien eerste jier as "senioren trainer" is mij dus echt goed befallen, mar dat komt uiteraard ek troch de leuke samenwerking mei Jeroen en troch de ploeg. 't Is echt een "goeie" groep, een mix fan jong en ald die't mei een soart respect mei elkoer om gjin. Dus toen Pieter K (TC) mij frege om folgend seizoen wer trainer te wurden fan 't 2^e ha'k net lang neitocht.

Bij dizze toch nog een speciale dank oan Klaas de Haan, us flagger, grutte klasse, sels bij de measte utwedstrieden oanwezich, en oan de "wasfrou", frou Kooistra, ek grutte klasse.

Oant it seizoen '16-'17!

Boudewijn.

Hite nûtsjes (slot?)

It seizoen sit der al wer op. Wat giet dat dochs hurd. Hoe sjochsto werom op it ôfrûne seizoen?

In protte ups and downs blabla blablabla.



Do?

Hartstikke posityf! SDS Vr.1 waard kampioen, SDS 1 bleaun kreas yn de 3^e-Klasse, SDS 2 die oan 't it lêst mei om de prizen, SDS 3 waard kampioen en Wouter-Jan Postma makke syn earste goal foar SDS 4. By de jeugd waarden de A's knap kampioen lykas E1 en promofearde C1. Neffens my hat de rest op harren nivo allegear alderaadichst fuotballe. En dan haw ik it noch net iens oer de geweldige slotjûn dy 't wy hân hawwe, de ôfskiedwedstryd fan Anne Brouwer en al dat wurk wat de Skoalleseize foar ús ferset om in moai keunstgersfjild del te setten en al ús nije bestjoersleden. Ek foar de takomst sjoch ik it hartstikke posityf!

En de aktiviteitenkommisje?

Ynderdaad! It waard heech tiid om dy nij libben yn te blazen. It idee kaam plots om fan elts senioarenteam 2 fertsjintwurdigers te freegjen. SDS Vr.1 (Gerry-Edou en Hester) en SDS 1 (Elger en Jacob-Klaas) wienen lyk posityf. De rest komt dan ek wol goed. Sy hawwe no al nocht om wat te organisieren. Ik bin benijd!

Fynsto it ek sa spitich dat Habtamu de Hoop nei ONS giet?

Hy sil der goed oer neitocht ha en wurdt der fêst net minder fan. SDS al en dat is spitich. Hy hie takomme seizoen fêst mear oan de bak kaam as no yn SDS 1.

Oan de oare kant is it wol moai dat Remco Hylkema en en Marco Rijpkema werom komme by SDS. Soe dit der mei te krijen hawwe dat Marco Hoekstra de nije trainer wurden is?

Dat soe bêst kinne. Marco is yn myn eagen wol in persoan/trainer dêr't je graach nei lusterje en foar wurkje wolle. Remco Hylkema sil nei al dy jierren werom wolle op it âlde stee, east west, thús(en op keunstgers) best. Marco Rijpkema komt der fansels net ûnder ut no't er in lytse 'Eastereinder' poppe op'e wrâld setten hat om him hjir sjen te litten.

Hoe sjochsto kommend seizoen foar dy mei Marco en Robert Hoekstra foar de groep? Sit der in pryske yn foar SDS 1? Of bliid wêze mei in

plakje yn de middenmoat?

Mei Marco en Robert hat SDS twa echte SDS mannen oanlutsen. Dizze famylje hat it SDS-DNA yn it bloed; hurd wurkje, nûflik sitte. Ik soe wolle dat ik de kwaliteiten hie om by de seleksje oan te sluten. Beide heren ha in protte 'fuotbalferstân'en kinne dit oerbringe op in groep en individu. No hoopje dat se likefolle werom krije as dat se joue. As dat it gefal is, sjoch ik ús flaggeskip meidwaan om de boppenste plakjes.

Sy sykje noch in leider. Is dat net wat foar dy? Absolut! Mei dy?

Dat hie oars krekt wat west, mar kinsto dan woansdeis mei Peppi & Kokki kranten rûnbringe? En ik haw noch wat

“Dizze famylje hat it SDS-DNA yn it bloed”

fideobannen lizzen fan in goeie freon dy't ik op DVD sette moat foar 2020.....

Wat fynst fan it EK?

As wy earst mar ris troch dy poulewedstriden hinne binne..... It is fansels neat wurdich dat der ek noch in pear nûmers 3 trochgean. Sa duorret it hielendal in skoft foar 't de mannen fan de jongens skieden binne. Dêrneist liket it der op dat wy yn de 8^e finales ek mar ien kreaker (Spanje-Italië) hawwe. It echte EK duorret dus eins mar 2 wiken en begjint yn de kwartfinales. Lykas yn it ferline doe 't der ek mar 8 ploegen meidienen....

Hoe komt it mei Cambuur en SC Hearrenfean?

By beide klups liket it der op dat elts dûbeltsje omdraaid wurde moat. Ik ferwachtsje dan ek net folle oankeapen en ik kin my net foarstelle dat klups spilers fan sc Heerenveen of Cambuur hawwe wolle. As Ziyech goed ferkocht wurdt dan soe it kinne dat Heerenveen miskien noch in gokje weaget. Sy sykje it yn elts gefal yn âld-spilers. Reza hawwe sy al helle en ik haw ek heard dat sy probearje Pranjic werom te heljen en Armenteros.

Tinksto dat Hans van Breukelen(nije TD fan de KNVB) Oranje wer nei de wrâldtop lieden giet?

Dat soe seker kinne! Mar dan moat der no lyk foar soargje dat hy binnen 2 wiken in ferfanger foar him sels siket. Wim Jonk of sa.

No haw ik heard dasto út de Trefferredaksje giest. Dat muoit my tige! Betsjut dat no ek dat dit de lêste hite nûtsjes binne?

.....
.....

It bleaun stil..... de laptop blike kresjt..... fêst tefolle hite nûtsjes tusken de toetsen fan it toetseboerd..... Wy sille it sjen!

SDS 3 2015-2016

SDS 3 die it it ôfrûne
seizoen hartstikke knap en
waarden op sneon 4 juny
kampioen troch op de lêste
spyldei yn Balk lyk te spyljen
tsjin grutte konkurrint Balk 3.



KONING

INSTALLATIETECHNIEK

CV - WATER - GAS - ELEKTRA - SANITAIR

HINDRIK KONING
HEAREDYK 2
8735 HR ITENS
06 30858815

INFO@KONINGINSTALLATIE.NL

SDS en GEKE

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje in enerzjy koöperaasje oprjochte: Griene Enerzjy Kooperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas foar de NLD (www.noordelijklokaalduurzaam.nl). Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. NLD keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE/NLD. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,-- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it oan te lizzen keunstgersfjild. Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterien.nl **En jou oan dat je SDS stypje wolle!**

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, nim dan kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE:
Jan-Jetze Brouwer, Koafinne 14, Easterein(foarsitter) 06-41630995
Gerrit Bergsma, Hôfsleane 6, Easterein (ponghâlder) 06-22649636
Johannes Dijkstra, Hôfsleane 25, Easterein 9 (sekretaris) 06-53291193
Grietje Bouma-Jukema, Wynserdyk 53, Easterein (algemien lid) 06-23758603
Jehannes Santema, Hôfsleane 27, Easterein (algemien lid) 06-21669472

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

SDS 4 2015-2016

Yn'e krochten fan it amateurfuotbal is it dreech baljen.

It falt net altyten ta om te baljen yn'e 6^e klasse. Foaral om't je witte dat der by de tsjinstanner net altyd spelers meibalje die't yn'e 6^e klasse thúshjeare. Dochs ha wy der in moai seizoen fan makke mei geregeld in winst party en hjir en dêr ofwixseld mei in ferlies partij. Dit hat resultearre yn 22 punten út 22 wedstriiden.

Gemiddeld sjoen ha wy dus gjin wedstriid ferlen!



De folgjende saken foelen op dit seizoen:

- Gertjan H het gemiddeld mear minuten makke op'e pot dan yn it fjild.
- Thomas betsjinnet goed, sawol op it terras fan Sluiszicht as op it fjild.
- Stefan doseert tiidens in sprint.
- Doede S hat dit jier minder kaarten krigen, fan dit besparre jild hat er in dikke Chevy kocht.
- Jelte Hitzert klimt hopelik minder heech by SDS as yn'e polsstok.
- Stuiver hat dit jier best syn goal skjindhoven, dit yn tsjinstelling tot syn shirt by it fettebekkeloket.
- Hallema moat sich takom jier mear dwaande hâlde mei it teamuitje as mei it liederjen yn it seizoen.
- Gerrit syn fuotbalkamp yn Canada mat syn fruchten noch ôfwerpe.
- Jelmer sit mear achter boeven oan as syn tsjinstanner.
- Remon kaam der yn en mocht gelyk 10. min op'e bank en dernei brus om't de wedstriid ofrun wie.
- Ruun úse topspits skoart mear yné tiiden fan griene beammen as yn minder waarme tiiden.
- Doede K is faker yn'e seal dan bûten op it fjild te finen.
- Eeltje hat mear rendement mei trije oerkes sliep as in nuchter jûntsje op'e bank.
- Bas is ús `Supersub`
- Jort syn fietstocht nei Easterein brekt em yn'e twadde helte noch wol ris op.

- Igor fynt iets minder faak it netsje as Lewandowski, ek wylst it paad nei de goal frij is.
- Klaas Bauke hat it klaverke fjouwer noch net fûn.
- Sytse wie oanwêzich by alle ferliespartijen.
- Dirk hat sneons plankenkoarts, tongersdeis net.
- Gerlof Jan is neist it kofjeskinken as iennichste kampioen wurden.
- Martijn tsjinnet SDS 4 as er it lân net hoecht te tsjinjen.
- Jelte sjit der mear yn by de frou as by SDS 4.
- Rick (sjoch Eeltje, mar dan oarsom)
- Wouter Jan makke de winnende tiidens de leste thuswedstriid.
- Andries is opkocht troch Wang en siket syn heil yn Den Haach
- Broer Jacob is drok dwaande mei it sponsorsjurt fan SDS 4 mei Slachtepop 2017 der op.
- Gertjan R syn speeches binne better as dy fan Trump, foaral om de saneamde `SPROA` taktiek.
- Jan Mulder hat ien kear keeps en hie 6 fisken yn'e foeke.
- Jelle de Vries hat dit seizoen in soad traint op tackles yn'e 16.
- Jorrit Veldman kin 6 punten per sneon pakke.
- Wietse Vink draait allinich goed yn útwedstriiden, net yn thús wedstriiden (gjin WIVI untfangst)
- Harm Abma last but not least! Wy hoopje Harm dochs noch yn pear jier mei ús staffelje wol op it trainingsfjild. Bedankt Harm!!!

“Hy hat syn goal best skjinhouden, dit yn tsjinstelling tot syn shirt by it fettebekkeloket”

Minpunt dit seizoen. De tsjinstanner spilet altyd mei in ferkapt earste.

Pluspunt dit seizoen. De blauwe kaart by Ouwe Syl foar de sportiefste tredde helte fan it seizoen!

Dankwurd efterôf.

Út namme fan SDS 4 wolle wy ek de frijwilligers bedanke. De thee wie goed op temperatoer, foldwaande suker, sjurts rukten eltse sneon wer lekker, de gehaktballen wiene de lekkersten út'e regio neffens karmaster Stuiver. Noch in lyts tipke (net alles is fansels hosanna) in ekstra roltsje skietpapier soe net misstean. By foarkar trije-laachs fan'e Jumbo (jier oanbieding).

Ek de minsken dy't wy ferjitten binne wolle wy hjirby bedanke. BEDANKT!

SDS 4

Nei 25 jier lieder....

In moai affysje en it waard in moaie jûn. Noflik waar, in soad minsken, in ûntspannen wedstriid en in weardich ôfskie.

In seleksje fan âlde helden (oanfuld mei wat jongeren), gearstald troch Anne Brouwer mocht it opnimme tsjin SDS 1 fan no. Skiedsrjochter Hinne Smedes wie der apart foar út Garyp kaam en soarge der foar dat it allegear yn goeie banen gyng yn it fjild.

En och de wedstriid wie mar bysaak. It gie mear oer de minsken dy't er wienen. Ald-spilers dy't er no net mear oan tinke moatte dat se fuotbalje, âld trainers (Dick Schuurman, Marcel Frankena, Kees Janssen, Klaas Dijkstra) dy't no tasjen moasten dat Anne de lieding hie.

De famylje fan Anne wie der fansels bij en soan Jeroen "hobbele" sels ek noch efkes mei yn it fjild. De einstân wie net wichtich mar foar de statistiken neame wij it dochs mar efkes: 2-0.

Nei in oerke balje earst de plichtplegingen. Aant spruts Anne ta út namme fan de supporters en hjitte him fan herte wolkom "efter it stek".

Ald trainer Marcel Frankena helle noch wat leuke anekdoates op en ek Kees Janssen fertelde dat hij in soad oan Anne Brouwer hân hie, doe't hij fanút it stedske Warkum nei it doarpske SDS kaam.

Hindrik de Jong oerlange in kado út namme fan SDS 1 (bal mei hantekeningen fan de hjoeddeistige spilers fan SDS 1 en in wedstrydsjurt mei de hantekeningen fan de spilers dy 't yn 2003 kampioen waarden yn de 2e-Klasse) en foarsitter Willem Wijnia slúte de rige sprekkers ôf en hie foar Anne noch in moaie fotokollaasje op canvas en in moai (fuotbal)blomstik.

Anne die in lêste wurdje en dêrnei wie der tiid foar in hapke (barbekjoe) en in snapke (piekoere). En der wie fansels tiid foar prate en herinneringen ophelje. In moaie jûn.....

Op de folgende side stiet in foto fan Henk Bootsma mei alle spilers dy 't meidielen oan de ôfskiedswedstryd mei inkelde âld-trainers en Anne Brouwer fansels!





Foto: Henk Bootsma

Boppe van links nei rjochts: Kees Jansen, Marcel Frankena, Dick Schuurman, Piet de Jong, Robert Hoekstra, Gert-Jan Hiemstra, Skelte Anema, Mark Postma, Hinne Smedes (skieds), Tsjalling Sikma, Tjipke Okkema, Douwe-Dirk Reitsma, Feite de Haan, Jaap Toering, Erik Haitsma, Broer-Wiebe de Ringh, Tseard Halbersma, Feiko Broersma, Klaas Visser, Anne Stenekes, Jeroen Brouwer, Floris Hiemstra en Dooitze Nauta.

Midden fan links nei rjochts: Wouter Hylkema, Habtamu de Hoop, Ewout de Boer, Robert Sybesma en Jelmer Posthumus.

Foaroan fan links nei rjochts: Teun Heeres, Sjoerd de Vries, Geert Hiemstra, René Zijlstra, Bauke Dijkstra, Wiebe Heeres, Elger Turksma, Jacob-Klaas Haitsma, Hendrik de Jong, Pieter Sytsma, Wichard Deinum, Dirk-Yde Sjaarda en Jappie Wijnia.

Hielendal foaroan: Anne Brouwer en Frans Munsterman.

Klaas Dijkstra wie der ek, mar krekt te iet foar de foto.

SDS A1 2015-2016



Over A1 is al veel gezegd en geschreven. Na een jaar wennen aan het hogere niveau in de eerste klasse, een trainerswissel en doorstroming van een prima lichter zou er een mooi jaar voor ons liggen. En dat werd het. De voorbereidende bekerwedstrijden werden met speels gemak gewonnen, waarbij het doelsaldo meteen al aanleiding tot optimisme. Ook na de eerste uitwedstrijd bij Frisia, bleven de verwachtingen hoog. En die verwachtingen hebben we waargemaakt. Eerste in de competitie na een daverend spannend kampioensspektakel! In de eerste seizoenshelft een aantal gelijke spelen en twee verliespartijen, waarvan één smadelijke tegen GAVC uit. Na de winterstop slechts twee keer gelijkgespeeld, verder alles glansrijk gewonnen. Basis hiervoor is gelegd in de winterstop. In drie oefenwedstrijden, allen op kunstgras kwamen we vroeg in het wedstrijdritme. We waren echt klaar voor de return tegen Franeker, toen nog een geduchte concurrent voor de titel. Na deze wedstrijd is het geloo f in iets moois tot volle wasdom gekomen. In de voorlaatste wedstrijd werden nog even twee punten weggegeven om Stiens een spektakel in de thuiswedstrijd te gunnen. Oh wat was die 2-4 een fantastische ontlading. Nog tien minuten te gaan en Habtamu scoort hem gewoon!



Wat waren nu de succesfactoren: Een hecht topteam, waarbij iedereen zijn eigen rol had. Een hecht begeleidingsteam, met een echte topcoach, gedreven, maar zeker bedreven, met een duidelijke visie op speelstijl. Ondersteunt door toptrainers Jappie en Wychard. Na hun entree leerden de jongens



opeens ook dat je het hoofd als scoringswapen kunt gebruiken. De kleine Jorrit liet dit in één wedstrijd zelfs twee keer zien! Spelers die op meerdere posities goed uit de verf komen, een makkelijk scorende voorhoede, een degelijke achterhoede en een ijzersterk middenveld. Ook de brede selectie en de ondersteunende rol van de B-junioren moeten hier niet vergeten worden. Het weekend op Terschelling, waar Klaas liet zien hoe je een echte feestvierder wordt, de bekerwedstrijd in Oost-Groningen er meteen achter aan, dus weer met elkaar op reis en eten bij de KFC. Ook dat waren topmomenten die de sfeer ten goede kwamen. Dan de Karateles. Echt out of the box, maar hier is veel geleerd: focus, je kunt altijd meer dan je denkt! Dan nog de social media: facebook met per wedstrijd prachtige foto's, de altijd werkzame groepsapp, waar lief en leed gedeeld werd. En tot slot vuurwerk, tientallen supporters, waarvan Wouter Hijlkema in de box voor de kampioenswedstrijd met een aantal historische woorden. Deze mix leverde het kampioenschap op. We willen hierbij iedereen bedanken die op welke manier dan ook ons geholpen heeft om het kampioenschap te behalen! Tot volgend jaar in de hoofdklasse!

Namens allen,
Tjerk



SDS League



Ein- stân	Foarige stân	Teamnamme:	Koach:	Wenplak:	Wike 10	Wike 11	Totaal	Prizen	Ein- prizen
1	2	JelmaFem	Anne Brouwer	Wommels	39	37	433	€ -	€ 87,50
2	3	As ik der by bin, winne SDS1&2 altite	Dooitze Nauta	Stiens	39	37	433	€ -	€ 87,50
3	4	De Coolsingel nog in zicht	Dirk Stegenga	Easterein	28	30	425	€ -	€ 50,00
4	1	Geniet van het bier, Eeltje Postma!	Gert-Jan Hessels	Wommels	38	21	420	€ -	€ 35,00
5	16	FdH	Feite de Haan	Frijentsjer	40	40	420	€ -	€ 35,00
6	6	Obaard United	Skelte Anema	Kubaard	49	28	417	€ 12,50	€ 20,00
7	11	Swarthe Beien	Sjoerd de Vries	Kubaard	42	32	416	€ -	€ 15,00
8	7	De Terpies	Femke & Bauke Terpstra	Wommels	43	27	414	€ -	€ 10,00
9	5	Hey Ho Let's Go	Willem Wijnia	Wommels	42	19	413	€ 12,50	€ 3,75
10	9	In Efkesballer	Aant Hofstra	Wommels	32	29	413	€ -	€ 3,75
11	13	Komt it goed mei de skiep?	Jurjen Eringa	Wommels	31	29	411	€ -	
12	15	Brouwer Power	Jelmer Brouwer	Boalsert	34	30	410	€ -	
13	22	Schildersbedrijf Erik Haitsma	Erik Haitsma	Wommels	34	39	409	€ -	
14	14	De Supersubs	Dirk de Jong	Wommels	45	26	407	€ 12,50	
15	8	Postmeister	Jelmer Posthumus	Wommels	32	19	405	€ -	
16	17	Foppe Boppe	Johan Delfsma	Wommels	36	28	404	€ -	
17	12	FC Boekelaar	Klaas-Bouke Faber	Grins	37	20	403	€ 12,50	
18	19	Net tefolle DWOkte!	Durk Okkema	Easterein	38	28	403	€ -	
19	10	Jelsmanian Devils	Jan Simon Jelsma	Easterein	39	15	399	€ -	
20	28	FC Ogbecbe	Broer-Jacob Greidanus	Wommels	41	33	396	€ -	
21	20	Marije & Eeltje	Marije & Eeltje	Woazum	36	21	395	€ -	
22	29	We Are One!!	Mark Postma	Ljouwert	34	34	395	€ -	
23	23	Frysk damjen is oars	Jelle Wiersma	Wommels	35	24	394	€ -	
24	18	2PAC FC	Tjerk & Lourens	Wommels	32	18	393	€ -	
25	27	Ajarnox	Bas van der Wey	Easterein	24	29	393	€ -	
26	24	It's Eleven	Ids de Boer	Boalsert	38	21	391	€ -	
27	26	FC De Ruiver	Peter Stuiver	Wiuwert	42	22	391	€ -	
28	30	Lei um der yn	Tjeerd de Vries	Wommels	36	32	391	€ -	
29	37	Strikkies United	Bote en Jort Strikwerda	Spammels	34	38	389	€ -	
30	21	Yoyo SCC 058	Igor Kalinowski	Ljouwert	39	14	387	€ -	
31	32	Snoekie	Jan Friso Bruinsma	Wommels	32	31	387	€ -	
32	25	Bulder	Jan Mulder	Wommels	39	17	386	€ -	
33	39	Waridijk	Ralph Wariman & Rudy	Wommels	44	37	386	€ -	
34	34	Bla bla blafke	Ate Feike de Boer	Wommels	34	32	385	€ -	
35	31	en de zon en de maan....	Eeltje Postma	Wommels	30	27	383	€ -	
36	36	H. & H.	Sytze Hibma & Gerlof-Jan	Wommels	36	28	380	€ -	
37	38	Haitsma	Jacob-Klaas Haitsma	Wommels	25	29	379	€ -	
38	48	De Tredde helte	Stefan van der Velde	Easterein	35	39	379	€ -	
39	42	Torpedo Toering**	Jaap Toering	Wommels	38	31	377	€ -	
40	33	Pierewaier FC	Jesse van der Weide	Rien	47	17	372	€ -	
41	43	Eisenbahnwechseihinundhersteller	Hendrik Engbrengthof	Wommels	30	26	371	€ -	
42	47	Balletje Balletje	Grietzen Broersma	Easterlitten	30	28	369	€ -	
43	40	Happy Feet	Emke & Habtamu	Wommels	18	22	368	€ -	
44	45	Hattrick	Rick Hendriks	Easterein	28	26	368	€ -	
45	53	De grutte freonen!	Robert & Harm-Auke	Easterein	28	37	368	€ -	
46	41	Halle-stars	Anne-Jan Hallema	Wommels	30	21	367	€ -	
47	35	CD Guadalajara	Pieter Kamstra	Easterein	36	13	366	€ 6,25	
48	44	Letter miskien mear (punten)!	Sytze Koolstra	Beringe	28	23	366	€ 12,50	
49	46	vv Lollum	Simon Bruinsma	Lollum	28	21	363	€ 12,50	
50	52	RUSTÁÁGH!!! **	Hendrik de Jong	Wommels	26	31	362	€ -	
51	51	DDR	Douwe-Dirk Reitsma	Easterein	32	25	359	€ -	
52	49	Boldert and the Beautiful	Allert Turksma	Willemstad	30	20	356	€ 12,50	
53	55	Hiemteam	Gert-Jan, Niels en Marrit	Easterein	39	25	356	€ -	
54	50	Boldert on tour	Pieter, Allert & Jesse	Riemmsels	27	20	355	€ 6,25	
55	54	t Is bijna weekend	Martijn Rispens	Wommels	29	22	353	€ -	
56	56	Elke wike priis	Steffen Bruinsma	Ljouwert	25	21	351	€ -	
57	59	LVG Boppe	Halbe Willem Overal	Easterein	32	31	347	€ -	
58	57	FC Hallema	Arjan Hallema	Easterein	39	28	345	€ -	
59	65	OZZYhaas	Hendrik Eringa	Spannum	28	44	339	€ 12,50	
60	58	Op nei de Top	Marten Faber	Easterein	14	22	338	€ -	
61	61	Algemeen Fons	Sjoerd Rispens	Wommels	11	30	332	€ -	
62	60	Hartstikkene moai!	Sjoerd van Beem	Wommels	27	22	329	€ -	
63	62	FC Selsbetoct	Wytske Vermeulen	Kubaard	36	27	329	€ -	
64	64	De Kraakers	Thys Bruinsma	Lollum	16	30	328	€ -	
65	63	FC Tattoo	Boudewijn & Almar	Easterein	19	26	327	€ -	
66	66	FC TheedeBee	Teade de Boer	Wommels	24	22	314	€ -	
67	67	Rockin' in the Free World!	Lolke Hofstra	Wommels	22	21	312	€ 12,50	
68	68	Jodan Boys	Jeroen Brouwer	Wommels	25	25	309	€ -	
69	70	FC Winnaars	Tom Wijnia	Wommels	13	27	270	€ -	
70	69	GVR	Feiko Broersma	Easterlitten	25	6	261	€ -	"Poedel"

SDS League: Anne en Dooitze winne!

Anne Brouwer ("JelmaFem") en Dooitze Nauta ("As ik der by bin dan winne SDS 1 en 2 altiten") hawwe de titel pakt yn de SDS-League!

Eltse wike skoden sy wol ien plakje of mear op en úteinlik duorre it seizoen eksakt lang genôch om op de lêste spyldei kampioen te wurden sûnder earder boppe-oan stien te hawwen.

Dit betsjut dat de nûmer 1 fan ferline wike, Gert-Jan Hessels mei "Geniet van het bier, Eeltje Postma" 4e wurden is en "De Coolsingel nog in zicht" fan Dirk Stegenga 3e wurden is.

It is dizze edysje tige opfallend dat de teams yn de ûnderste helte fan de einstân mear wykprizen pakt hawwe dan de lju yn de boppeste helte.

Tom Wijnia hat mei "FC Winnaars" hast it de hiele tiid ûnderoan stien, mar op de lêste dei moat hy de poedelpriis ôfstean oan Feiko Broersma mei "GVR".



**S. HEERINGA**
Walperterwei 10 8731 CC WOMMELS

**Onderhouds-
Reparatie-
en
Scheeps-
betimmeringsbedrijf**

Tel. 0515 - 332267

TOP 1 TOYS
nummer één in speelgoed

Voor al uw:

- Luxe en huishoudelijke artikelen
- Speelgoed
- Boeken en tijdschriften
- Kantoor- en schoolbenodigdheden

**Fa. van der Velde
Wommels
0515-331201**

SDS B1 2015-2016

It wie een jier fan ups en downs foar de mannen fan B1. Yn earste ynstânsje waard der starten mei in B1 en in B2 mei 15 jonges yn de B1 en 16 yn de B2.

Foar in aardich part fan de jonges fan B2 wie it in grutte teloarstelling, dat de technyske kommisje harren talinten oars ynskatte dan

dat se sels diene, wêrtroch der sa'n protte jonges de brui oan joechen dat B1 wikelyks spilers útlêne moast oan B2.

Sa wie it ek mei de krekt promovearre A1, sy hien yn de earste moannen te min spilers wêrtroch at ek foar dit team B1 as universele donor fungearre moast.

De útgongssituaasje om in team te foarmjen wie dus net echt ideaal foar B1. De ûndelinge ferskillen tusken de mannen wiene grut, ek wat yn it fuotbaljen, mar foaral yn sociale sin.

Derneist wiene Pieter Vellinga en ik sels yn it leiden en trainen fan in ploeg mei sokke grutte kearels ûnerfearen.

De matige ûnderlinge samenslag tusken de jonges en de ûnerfierendheid fan de leiders soarche foar op sich moaie potten fuotbal (hjiir en dêr in útsjitter nei boven en nei ûnderen), mar selden foar punten.

Der wie genôch kwaliteit mar it kaam der net út.

Sa waard nei sa'n 8 wedstryden Jappie Wynia der troch de leiders by frege en it hiele spultsje begûn te rinnen. Kear op kear pakte B1 punten. De trainings opkomst wie faaks 100%.

B1 hat hast gjin winterstop hân troch in bult oefenpotsjes tjin oare twadde klassers. Dit wie nei de winterstop goed te merken want de winning streak waard trochsetten.

Mar dochs waard der ek noch ferlern wêrtroch B1 de efterstân dy't se yn it begjin oprûn hiene net mear goed makke wurde koe en promoasje nei de 1^e klasse der foar kommend jier net yn siet. Hiel even wie dat wol sa omdat de ploegen yn 'e kop fan de poule fol mei dispensaasje spilers sieten.

Weromsjoend hat eltsenien wa't belutsen is by of spile hat yn de B1 dit jier in protte leart.

De ofsútende barbecue wie ferskrikkelyk gesellich en liet in echt en hecht team sjen.

Spilers en medebegeleiders, tige tank!

Hans van der Schaar



SDS C1 2015-2016



It wie efkes wenne yn it begjin fan it seizoen. 8 nije spylers derbei, mar gelokkich koene we de 3 bekerwedstriiden yn augustus moai bruke as oefenwedstriiden foar de kompetysje. Dizze wedstriiden giene alle 3 noch ferlern, mar yn de kompetysje moast it goed komme. De ofspraak is by us; net traine is net begjinne yn 'e basis. Hjirbei

makket it net ut hoe goed at je binne. Dus altyd in hege opkomst op de trainingen en dertroch begie it hieltiid better te rinnen. Faak mei goed fuotbal, mar at it efkes net woe, dan wurde der ek foar elkoar fjochte. Yn de kompetysje in protte oerwinningen, mar tsjin 2 ploegen koene we net winne, dit wiene Makkum C1 en Easterlittens C1. Dizze ploegen wiene dispensatieploegen mei B-junioren en hjirtroch koene sy net promoveare. Us doel wie dus it tredde plak wat rjocht joech op promoasje. Yn novimber ek noch fuotballe op Skylge, wer we it wykein bleaun binne yn in kampeerboerderij. Dit wie foaral goed foar de teambuilding. Yn de kompetysje gie it hiel lang tusken SDS, Frentsjer en Leoardia. Yn maart hjekke Frentsjer of, sadat it no noch tusken SDS en Leoardia gie. Us allerbeste wedstriid spylene wy yn Ljouwert tsjin Leoardia, utslach 0 – 3. Dermei leine we de basis foar dit felbegearde tredde plak. Uteinlik bleauwe it spannend oan 't 21 maaie. Wy wiene al utspyle, mar wiene noch ofhinkelik fan de wedstriid Makkum – Leoardia, dus mei syn allen nei Makkum. Dizze wedstriid foel gunstig ut foar us, wertroch it feest wie fansels. Spitich genoch foen it bestjoer fan SDS it net nedich om dizze jongens by weromkomst yn Easterein efkes op te fangen en in medaille om 'e nekke te hingjen. Dan wol gjin kampioen, mar hie SDS hjir net efkes in utsundering foar meitsje moatten? Wy moatte no us eigen feestje mar boue; dit sille we ek seker noch dwaan yn de foarm fan in bbq ergens yn Wommels of Itens. 8 jongens geane no troch nei de B-junioren. Nei sekesejetrainingen(B1/B2) fan de trainers/leiders fan B1, docht no blyken dat 7 jongens (werom dan net alle 8 ?) yndield binne yn de B1. It wurd net sa faak beneamd, mar dan kin je wol sizze dat dizze jongens harren hiel goed entwikkele ha. Dat jild trouwens ek foar de oare jongens die noch in jier yn de C's bliuwe. Dat it echte leafhabbers binne fan it spultsje docht wol blyken; Se steane allegeare noch te trainen yn Wommels, wylst de kompetysje allang ofrun is !!!

Mark, Lars, Wiltsje, Kent, Sander, Sietze, Johannes, Tjitse, Douwe Jan, Tjerk, Stan, Hendrik, Merijn, Steven, Sjoerd, Ferry, Harry en alle oare flaggers/alders/riders; it wie in prachtig moai seizoen !!!
Theo.

SDS E1 2015-2016

E1 wie dit in mix fan 1e jiers en 2e jiers E. We starten it seizoen mei 9 spilers, Yke Gaastra, Arjen Schaap, Redmer Stegenga, Sije v/d Schaar, Sjirk Vellinga, Pieter v/d Valk, Niels Hiemstra, Gjelt Kempe, Milan v/d Weg. 1e helte fan it seizoen hiene we in heale kompetysje fan 10 wedstriiden. Der waard betiiden goed fuotballe en de trainingen fan Gert Jan en Hans v/d Schaar mei B/C junioren kamen hieltyd mear nei bûten ta yn it spul fan de hearen. Yn de earste helte fan it seizoen binne we as 4e eindige, mei 11 wedstriiden, 7 wûn en 4 ferlern, 60 foar en 32 tsjin.

We spilen earst hieltyd mei 3 ferdedigers, 2 middenfjilders en 1 spits yn de earste helte fan it seizoen. Dit wie frij safe mar hie wol as risseltaat dat wolris te min foar de goal kamen en sels te min kansen makken. Yn de 2e helte fan it seizoen wisselden we dit ôf mei 2 ferdedigers 3 middenfjilders en 1 spits.

Yn de 2e helte fan it seizoen hiene we in heale kompetysje mei en wiene we mei 10 spilers, Tobias Jellema kaam der noch bij. We hienen in moaie kompetysje, mei ploechen út yn de buert, ONS, Arum, Nijlan, Blauhús. 1 ploechje te min dat wie jammer. Mar goed we hiene der sin yn. De nije opstelling gie eins yn de earste wedstriid tsjin Arum mis. Dat wol sizze, der moasten we wat oan wenne. We kamen mei 0-1 foar, mar mei rest stie it 4-1 foar Arum. Yn de 2e helte gie it better mar yn in prachtige wedstriid ferlearen we úteinlik mei 6-5. Dizze wedstriid hat ús de rest fan it seizoen dwars sitten. De thúswedstriid tsjin Arum wiene de mannen skerp en spilen we ús beste wedstriid fan it seizoen. 7-1 oerwinning, in hiel sterke wedstriid fan de mannen. Op dat moment stiene we op de ranglist noch hieltyd 2e om't Arum 1 wedstriid mear fuotballe hie. Oan't de lêste spyldei ta stien we 2e op de ranglist. Arum hie allinich tsjin ús ferlern en we stiene dus op punten gelyk. Bij in gelykspul soene wij kampioen wurde om't ús doelsaldo folle better wie. En doe dy lêste wedstriid foar it kampioenskip tsjin ONS Boso Sneek. En dat is net de minste tsjinstander, út hienen we 2-3 wûn, mar dy oerwinning lei foar in grut diel oan hiel best keepers wurk fan Yke.! In swiere taak foar ús om de saak efter goed ticht te hâlden en foar kansen te kreëen. De earste helte gong aardich lyk op. Wy koenen merken dat de mannen al wat senuweftich wienen! Mar dochs kriigen we wol kansen, mar wer't we de lêste wedstriiden maklik skoare, gong dat hjoed hiel dreech. Der stie ek in beste keeper bij ONS op goal, moat ek efkes sein wurde. Oan de oare kant mochten we ek net klaaie, ONS hie foar de wyn en liet aardich wat ballen los op de goal fan SDS. Lökkich dat Yke wer goed stie te keepen, want der sieten toch wol in pear 100% goals tusken. Dus mei 0-0 de rêst yn en dat wie ek wol it byld fan de wedstriid.

Ek de twadde helte begong dreech, mar dochs kriigen we mear kansen. Ate hie instructies kriigen dat hij mear op de goal sjitte moast, wij hiene lêst foar de wyn. Nei 10 minuten wie dat momint der en helle Ate goed út en skoart!!!! Dernei kriigen de mannen fertrouwen en kaam d'r in goeie periode fan de E1 en

hienen we wol mear goals meitsje kinnen en moatten..... mar spitich genoch woenen se d'r net yn. De wedstriid kantele en ONS waard sterker en sterker en sa'n 5 minuten foar it ein, skoare fan ONS, dochs noch 1-1..... De spanning wie kompleet werom en de kopkes stienen bij in oantal fan SDS wol hiel strak! It wie no saak om dizze stân fêst te hâlden, want 1 punt wie ek genoch, mar oh,oh wat wie dat dreech!! Op de latte en oer de latte hinne rolje, nei de sydkant. Mar troch de striidkrêft fan alle jonges koenen we de 1-1 fêsthâlde oan it einsignaal!!!! En dus KAMPIOEN!!!!!! 8 wedstriiden, 6 wûn, 1 gelyk en 1 ferlern, doelsaldo fan +20. Dizze hiele seizoenshelte op it 2^e plak stean op de lêste dei dochs noch it kampioenskip pakke, hiel best, echt komplimenten foar dizze mannen!

Al mei al kostet it ús tsien jier fan ús libben, mar it wie mei rjocht in echte kampioenswedstriid. Dochts wie ONS hjoed eins de bettere ploech...

Hjirby wolle wy ek alle supporters bedanken dy't d'r hjoed wienen!!!

Fantastysk!! En ek by de foarige wedstriiden wienen d'r altyd wol in pear supporters mei. En fansels de heiten en memmen fan de mannen. Nea in raar wurd heart, altyd posityf, meitinke, wol ruilje wolle, ek sûnder jimme hienen we it net kinnen!!!! Ek hjir nochris alle trainers, Robin, Sietse, Luuk, Steven, Hans, Rutger en Gert-Jan, jim ha de mannen echt better makke en dat koene wij yn it fjild werom sjen.

Goeie fekansje tawinske!! Folkert Rients en Anneke



DE GREIDHOEKE

Sportkafé – Sporthal – Easterein



beoefenje
Sport
oanmoedigje

hjime **bytanke**
by Titus

GERBRANDY
HEIBEDRIJF

is Geheid Heien!!!

It Stalt 19
8731 EA Wommels
Telefoon (0515) 333337
Fax (0515) 333211
Mobiel 06 - 53234548

SDS E2 2015 – 2016

De measten dy't ôfrûn seizoen yn E2 sieten wiene it seizoen dêrfoar mei F1 kampioen wurden. Doe slagge it meastentiids wol om te winnen. Dit seizoen wie dat wat minder. Der moast faaks opbokst wurde tsjin gruttere tsjinstanders, wit hoe faak twaddejers E's. Us fuotbal wurde geandewei it seizoen wol better en ek individueel groeiden we kwa technyk en spulynsjoch, mar it wie noch net goed genoch om de gruttere tsjinstanders te ferslaan. Fral op fysyk moasten we it ôflizze. Mar dêr hiene we net minder wille en nocht oan it fuotbaljen om. Alle kearen setten we ús wer foar minstens 100% yn. En at we dan wer ferlern hiene (we woenen ek wolris) seachen we dochs grutsk werom op de dingen dy't we goed dien hiene en de moaie spulmominten dy't we hant hiene.

E2 bestie dit seizoen út Bartele Bouma, Jesper Pauw, Stern Kok, Jan Bootsma, Redmer Stegenga, Jesmer Zonneberg, Timen de Boer, Niels en Raymond Terpstra en Niels van Lelyveld. We spilen fanút in fêste fjildbesetting, sadat we fan mekoar sa'n bytsje wisten wêr't ien fan ús te finen wêze moatte soe. Dat levere betiden bêst leuke kombinaasjes op. Ferdigenje en oanfalle diene we sa folle mooglik mei syn allen, al slagge dat net altyd. At we te fier útinoar stiene koene de tsjinstanders der troch komme mei de bal. Mar ek wat kompakter spylje learden we hieltyd better. Yn beide kompetysjehelten eindigen we hast (mar net hielendal) ûnderoan. Dochshawwe we in leuk jier hant mei goeie training en in soad plezier. (Lukas)

VOOR AL UW *SCHOONMAAK*
WERKZAAMHEDEN, zoals:

- GLAZENWASSEN
- SCHOORSTEENVEGEN
- GOTEN LEEGHALEN en
SCHOONMAKEN
- ONDERHOUD en SCHOONMAKEN
van GEBOUWEN en NIEUWBOUW



M. Sijszeling's
Schoonmaakbedrijf
v.o.f.

Oosterend - Wynserdyk 39

Telefoon 0515 332279

Technisch Installatiebedrijf FA. D. VAN WIEREN

Het adres voor aanleg

en onderhoud van:

Dakbedekkingen - Zinkwerk

Gas - Water

CV - Sanitair



Terp 29, 8731 AX Wommels

H. Baarda, Lollum, Tel. (0517) 469157

SDS F3 2015-2016



The Boys fan F3

Na de minileague van vorig jaar moesten The Boys nu in SDS F3 hun voetbal kunsten laten zien op een half speelveld.

Ik nam de trainingen op maandagavond op mij en op woensdagavond had Hans van der Schaar met zijn hulptroepen het team onder zijn hoede.

De najaarscompetitie speelden we met 11 spelers. 10 jongens en 1 meisje, Nienke Zijlstra, zij besloot helaas om in de winter te stoppen en verder te gaan met volleybal.

We eindigden op de 6e plaats van de 12 teams, een mooie plek als 1e jaars F-pupillen .De winterstop kwam er aan en dat betekenden dat we mee mochten doen in de zaal competitie en dat was voor The Boys een mooie ervaring. Dat leverde een mooie 4e plaats op maar wat waren de verschillen klein tussen de nummer 2 , 3 en 4!

Na de winterstop gingen Jarno en Sander naar de F4 en Nienke was gestopt dus F3 telde nog maar 8 spelers. Evan is vanuit de minileague bij de F3 gekomen.

Tijdens de trainingen en wedstrijden zagen de vele toeschouwers al een ontwikkeling ontstaan bij The Boys. Er werd opeens gezegd welk E team is dit?nou gewoon F3 hoor! De eerste thuis wedstrijden tegen Heeg en CVVO gingen verloren maar toen kwam er een omkeer bij ze en gingen The boys voetballen als Fc Barcelona zowat. Ze haalden in de 10 wedstrijden 19 punten 6x winst, 1x gelijk (niet gespeelde wedstrijd omdat Bolsward niet kon) en 3x verloren. Dit resulteerde in een prachtige 2e plaats. Zelfs in de laatste wedstrijd had de kampioen het erg moeilijk tegen ons en dat was de verdienste van een team wat zich fantastisch ontwikkeld heeft! elke week komen te trainen en willen leren en doorzetten! Kortom dit stukje is geschreven door een leider/trainer die super trots is op zijn Boys ! volgend seizoen F1 maar helaas nemen we afscheid en bedanken we Sjoerd, Tygo, Wouter en Sytze voor afgelopen seizoen, succes Boys in de E-pupillen.
Groet, Dennis Vinke

SDS-Klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: €33,-

SDS-rugzak: €31,-

SDS-trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-trainingsbroek kort: €18,50

SDS-sweater: €25,-

SDS-midjack: €47,50

SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-polo: €21,-

SDS-hooded sweater €32,-

SDS-hooded damesvest €32,-

Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:

Douwe Dirk Reitsma(332500) of app him (06-20855630), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie. Hjir kin efentueel ek past wurde.



SDS-sjaals

Der binne ek SDS-sjaals te krijen.

Sy koste €12,- en binne sneons te krijen yn de kantine en by

Douwe-Dirk Reitsma:

Tel: 332500

of mail nei


douweenjetreitsma@hetnet.nl



SDS-EK-Look-a-likes(15)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl!

Boudewijn Kramer as Yaroslav Rakitskiy (Oekraïne):



Jesse Wijnia as Max Kruse (Dútslân):



Bote Strikwerda as Bastian Schweinsteiger:



Brouwers Schilders

Tel. 0515 - 333 672
Mobiel 06 - 51 40 40 69

WWW.BROUWERS-SCHILDERS.NL

**GENIET VAN BROOD
EN MEER....**

**PUUR
GENIETEN!**



**Posthuma
De Echte Bakker**

Wommels Bolsward
Sneek Scharnegoutum

Efkes Balje on Tour



De Efkes Ballers hawwe der wer in moai seizoen opsitten. It hiele jier wurdt besocht om op freedtejûn ien oere en twa doelpunten sportyf dwaande te wêzen. It is net sa dat dizze hearen oars neat dogge. Sij steane op oare jûnen op it trainingsfjild mei de jeugd, sij drave bij in ringroep, sij spylje gitaar, sij swimme, sij luchtgitare, sij lizze of sitte op de fyts, sij rinne in blokje om mei de frou of sij folge al it fuotbal op tv. Mar dat stiet allegear yn it skaad bij de freed. Fuotbalje op ferskillende lokaasjes, want is it net yn Easterein op it iene fjild, dan is it wol op it oare en at de jûnen wat lingje dan wurdt it Wommels. Se passe harren oan, oan dy omstannichheden. Gjin gers of lang gers, 25 graden op in waarme simmerjûn of -3 op in kreaze winterjûn. Efkes Balje is in grutte partij fan in oere en om klokslach healwei 9 oere de twa winnende. (reglemint artikel 3 lid4)


In foto meitsje mei elkenien derop dat slagget hast net. Misse mei, mar net allegear tagelyk. Krekt as op de jûn foar de Slachte at elkenien wol wat oars hat en it Efkes Baljen in kear net troch gean kin.

Op de foto misse in oantal fêste ballers: Remco, Tjerk, Folkert Rients, dat hij mei opset dien. Dy mannen steane fêst wol op in kampioensfoto fan in alvetal wêr't se kampioen mei wurden binne koartlyn.. En Bonne dan en Hendrikus en Foeke en Sipke? Dy binne der wat te min.


It Efkes baljen giet fan't simmer gewoan troch salang der in man as 8 binne. En de earste nije oanmelding is der ek al. Der kinne altyd noch wol in pear bij.

Aant

Doelpuntenmakers 2015-2016



4 seniorenalvetallen , iets mear as ien frouljus team soargen foar 277 doelpunten. Iets mear as ien jout oan dat VR2 net sa lang meidien hat yn de kompetysje. De 277 doelpunten binne , makke troch 65 ferskillende spilers/spylsters. Dêr binne fansels in oantal bij dy't oars neat dwaan meie as skoare en dat dan ek dogge. Doelpuntenmeitsje dat bliuwt in fak apart.



Krekt as ferline seizoen is it no al wer Tjitske Heeres dy't it meast skoard hat (mei help fan har teamgenoaten). De 25 fan Robert Sijbesma dy meie der ek wêze, lykas de 19 fan Jeska Terpstra. It is net foar neat dat dizze trije "toppers" yn kampioensalvetallen fuotballen.

Bij SDS 2 wie it Pieter Kamstra dy't it meast skoarde en bij SDS 4 wie dat Ruun Ogoni (1 mear as Eeltje Postma). Opfallende nammen yn de top binne ek Agnes Posthumus (skoarde mear as broer Jelmer!), Henk Postma (hielendal werom) en Teun Heeres (wichtige doelpunten yn syn earste echte jier SDS 1. Tal fan spilers/spylsters skoarden 5,4,3,2,1 kear.

5: Gerry Edou Mollema, Willem Wijnia, Wietse Fopma, Rick Hendriks, Sieta Tessemaker, Hester Kingma

4: Amarins Tjalsma

3: Arjan Hallema, Erik Haitsma, Jan Simon Jelsma, Ilse Walstra, Broer Jacob Greidanus, Feite de Haan, Jeroen Wagenaar, Jacob K. Haitsma

2: Thomas van der Meer, Sjoerd de Vries, Igor Kalinowski, Gert Jan Hessels, Jelte Hitzert, Jelmer Brouwer, Ronny Wagenaar, Lourens vd Pol, Peter Sybesma, Klaas van der Weg, Ralph Wariman

1: Luuk vd Schaar, Fenna de Boer, Jentsje Jorritsma, Stefan vd Velde, Harm Stremmer, Allert Turksma, Wiebrig A Bruinsma, Johan Postma, Wouter Jan Postma, Tjipke Klaas Okkema, Benthe Anne Okkema, Dagmar Tjalsma, Akke Rixt Sijssling, Jurjen Eringa, Habtamu de Hoop, Lysanne Wiersma, Pieter Sijtsma, Jorrit Veldman, Bas de Haan, Pieter de Vries, Janieke Dijkstra, Sjoerd Rispens, Esther vd Eems

En neist al dizze doelpuntenmakers wiene dêr de linige doelmannen, de stoere ferdigeners, de kreative en hurdwurkjende middenfjilders en de bûten spilers dy't soargen foar net te missen kânsen.



Aant

SDS-topskoorder Tjitske Heeres yn aksje

SDS-Mini-League

Zaterdag 21 mei was de laatste wedstrijd van de minileague.

De jongste spelers van SDS maakten er weer een spannende wedstrijd van.

Na de wedstrijd konden we de balans opmaken en de winnaars

huldigen: Winnaar: Tjeerd Jan Greidanus Tweede: Noor van der Ende Derde: Reinder Bootsma



SDS-platen by de DA-Fizel yn Wommels

By de DA-Fizel kinne je noch altiten sparje foar SDS-platen. De aksje is yn april begûn en duorret noch oan 't septimber. Alle SDS'ers binne ôfrûne seizoenen op de foto kommen en steane mei harren team op in SDS-plaat. By besteding fan €5,- by de DA-Fizel krije je in stimpel en by 5 stimpels mei je in prachtige plaat útsykje fan je favorite SDS-team.



Fizel

DROGISTERIJ - PARFUMERIE

Aginda

Wannear?	Wat ?
14-july	Hans Teeuwen yn Grins
15-17-july	Welcome to the Village yn Ljouwert
22-24 july	De Swarte Cross
27-july	De Jongfeintepartij yn Easterein
31-july	Haadklasse keatsen yn Arum
3-aug	PC yn Frjentsjer
6-aug	SKS-Skûtsjesilen yn Starum
7-aug	Haadklasse keatsen yn Wytmarsum
10-aug	De Freule yn Wommels
12-aug	Finale SKS-skûtsjesilen yn Snits
12-aug	Sc Heerenveen – FC Utrecht
12/13-aug	Into the Grave yn Ljouwert
18-21-aug	Pukkelpop en Lowlands
20-aug	Start bekerkompetysje SDS 1 en 2
24-aug	SDS-jeugdfuotbaltoernoai
27-aug	Premjêre Iepenloftspul Jorwert
27-aug	Sc Heerenveen – PEC Zwolle
2-3-sep	Cityrock yn Ljouwert
3-sep	Start kompetysje SDS 1 en 2
10-sep	Sc Heerenveen – FC Twente (of dochs De Graafschap?)
17-sep	Greidhoek' Festival yn Wommels

**De Trefferredaksje winsket
jim allegear in hiele noflike
simmer ta!**

